

Boerefersen, mar dan

F20 27-3-10

Poëzy

troch **Cornelis van der Wal**

Sondelfal hyt de nijste dichtbondel fan Jacobus Q. Smink. In boartlike ferwizing nei it Gaasterlânske Sondel dêr't de Eindhovense dosint kommunikaasje te wrâld kaam as soan fan in ferneamd hynstefokker. Smink publisearre earder sân dichtbondels en hat fierders ûnder oaren it deiboek fan Anne Frank yn it Frysk oersetten.

It hat mar leafst fjirtjin jier duorre foar't der wer in bondel fan Smink ferskynde, de oant no ta lêste wie *Minskegedichten*. Dy bondel is kreas útjûn, mei op de foarkant in skilderij fan de jongferstoarne Arjen Hettinga, in broer fan de twa dichtsjiende Hettinga's Eltsje en Tsjêbbe.

Smink syn styl is daliks te werkennen, wat it ûnderwerp ek is, de toan is altyd licht, springerich, boartlik en swingend en dan bedoel ik swingend yn muzikale betsjutting. Fierders falle it grutte tal ferlytsingswurden op en ek it weilitten fan wurden - 'tachtigjarige' wurdt bygelyks net folge troch 'oorlog'. De lêzer mei en kin it sels ynfolje. De dichter hat ek hiel moaie nijfoarmingen betocht, lykas 'berneboerboarte'.

De gedichten binne, sa skriuwt de útjouwer, 'yn alfabetyske folchoarder pleatst om de klam derop te lizzen dat elk fers op himsels stiet.' Lykwols, it meastepart fan de fersen befettet oantinkens út de bernetiid en it algemiene ûnderwerp is Sondel, dat de gedichten meitsje ûnderdiel út fan in justjes mankelike oade oan syn berteplak. Mar de titel *Sondelfal* wiist ek op it ferlies fan de ûnskuld fan it bern en faaks en op it ferlies fan it leauwe.

Mankelyk, mar troch de luchtige, wat nayf oandwaande toan wurdt it gjin kleisang fan in âlder wurdende man, krekt oarsom, net allinnich it tema fan de fersen hat te krijen mei de dichter syn jeugd, ek syn fersen sels hawwe in jeugdige, frisse útstrieling.


Op 'e rôlbarte

Fiskje kinst dêr yn 'e Sânfear
Mei de dobber yn it wiid
Dan is it moarns betiid
De kij noch fan 'e dize keard

Jonges angelje en wjirmje
En famkes mei stikjes daai
It is noch net oerdei
Mar fûgeltsjes dy tsjirmje

Dan ynienen dûkelet Jan
Yn syn bleatsje fan 'e barte
En Gels dan ek en Atte
Blaai docht ek mei en dan

Is de sinne oer de waren gong
Brechje no fan beton



Hoewol't de measte fersen oer Sondel en omjouwing geane is der genôch ôfwikseling yn dizze bondel, neist in fers oer de ferskillende ferzjes en bewurkingen fan Psalm 136:1 fine wy bygelyks ek in yn Gaasterlânsk dialekt skreaun resept foar potstro, fan 'Mem Romkje'. Spitigernôch ûntbrekt it útbakt spek ...

Guon gedichten, lykas it tige lichtfuottige *Sokkebiters*, soene eins op muzyk setten wurde moatte: Yn ús greidene lân fan fuotsjefinne/Jout it notids lijen mei de sokkebiter/Yn wite en swarte yn smoarge en skjinne/Yn sokke sokken byt de sokkebiter/...

In oar fers, *Appelwankjes yn Praach*, is feitlik al muzyk by makke, en is te finen op YouTube. De dichter sjongt de tekst sels.


Wat opfalt wannear't jo de bondel mei it eardere wurk fan Smink fergelykje, is dat der yn ferhâlding folle minder famkes en oare froulju yn foarkomme. De klam leit dochs dúdlik op it ferline, de dichter syn heit, mem, omkes, paken en beppen, de âld' pleats, de hynders...

In wier pronkstik is it lange fers *Wite merje swarte hynst en lilke fisken*. Is it in dream of in mearke? It hat fan beiden wol wat.

Der wie in grut stânbyld boppe de Leien
Dêr't rûnom djip en dûnker wetter wie
In wite stiennen merje steigere tsjin
De jûnloft de efterpoaten op 'e sokkel
Us heit brocht syn swarte hynst ienris
Yn dat stânbyld omheech yn in deksprong
Fêstbûn mei learen binen oer de rêch
De kop stylfol ferstringele neist de kop

oars

Met de eerste lentew
Ouwe restanten van
Maar hoe? Of niet? D



De twa hynders rane dan gear ta ien stânbyld, mar:

[...]

As ik heit der letter nei freegje dan wit er neat
As dat it byld fan dy hynders der altyd al stie

In selde soarte fan antyklimakas as yn *Op 'e rolbarte*:
de dream is oer, mar fynt de dichter it slim?


It lêste fers *YX Untitled* is ek in boppeslach; muzi-
kaal sjoen en tematysk. Ik fertink Smink derfan dat
er wat kreatyf mei it alfabet omgien is wat de titel
oanbelanget, om't er dit gedicht as lêste yn de bon-
del hawwe woe. Mar hy hat gelyk, it is in weardige
útsetter. Hjirby twa passaaazjes:

Oer de reed oer de groeppe oer de finne mei stekpeallen
De lege swellen dêr yn de gloppe mei de hynders
En de kij op poaten yn 'e poel
Oer de mar oer de see

[...]

In wûnder sa't it is in pôle lân foar of nei it soalt my net
Dit; alles is fan nei en alles is fan foar
En dy't libbet dy't net stoar.

Der skimeret hiel wat nostalgy tusken de wurden
troch, mar it binne gjin klachten
dy't Smink uteret, hy sjocht hoe't
it west hat en hoe't it no is, en
feroardielet de hjoeddeiske tiid
net, mar giet der lakonyk mei om.
Yn syn eigen wurden: it soalt de
dichter net.



i *Sondelfal*. Jacobus Q. Smink. Friese
Pers Boekerij, 17,50 euro